LEEUWARDER COURANT
12 februari 2013, pag. 18

Fryslân yn de tange

De grut-grutter-grutst-goarre boazet mar oan. Earst de gemeenten en no de provinsjes byelkoar smite; dat soe slompen jild besparje.

Yn in monsterlike grutte gemeente as Súdwest-Fryslân soene no al hast opteine lûden te hearren wêze moatte, hoe'n ein nofliker de lêsten no binne: it bliuwt deastil. De lytse plattelânsgemeenten binne hoeders fan de Fryske taal. As stedskpratende gemeenten dêryn foar master op slaan, wurdt it net better.

As Fryslân twongen wurdt om mei Drinte en Grinslân ta ien bestjoerlik gewest te fusearjen, dan komt dat gewestelik regear, lyk as wenst, yn Grins. Ek it provinsjaal amtlik apparaat ferhuzet dêr hinne. Fryslân wurdt noch fierder útklaaid

Yn dat bestjoerlik en amtlik foarum wurdt net mear Frysk praat

FOTO LC

en skreaun. It is foar altyd út en oer. Dat sil ús taaloansjen slim ôfbrek dwaan. Tenei hingje wy dan grif ek fan de genede fan beide oare provinsjes ôf by elke euro dy't we foar ús taal freegje.

Om tjinaksel te beheinen, paait minister Plasterk ús no mei it ferhaal dat in takomstich kabinet dan wol wat ekstra foar it Frysk dwaan kin. Lit ús mar net ferrifelje troch dy sjerpkwast, want De Haach hat noch nea oars dien as ús taal tsjinwurkje.

Der hinget noch in swier ûnwaar boppe Fryslân. De Haachske reginten wolle harren baas meitsje oer de net ûnaardige sparpot fan Fryslân. Dat kostet ús in knoarre jild.

Is dit plan opsetten om te behinderjen dat de provinje hjir jild út tapet en moat it straks parten wurde mei beide oare partners?

De Haach hat de weryndieling sa knipt en Grinslân is der flak foar. We sitte dus yn de skjirre fan in Westlik en in Noardlik front. As de Earste of Twadde Keamer hjir gjin skoatteltsje foar strykt, wurdt dit kabinet in ramp foar Fryslân.

Op de barrikaden!

J. Bouma. De Jouwer